


**KENING
FAN DE
CROSS**



Dit boek is skreaun foar it LêsNo-projekt, in lêsbefoarderings-projekt foar learlingen yn de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis. Realisaasje is mooglik makke troch Fers, yn gearwurking mei it Cedin, de Afûk en mei stipe fan de Stichting Lezen en de provinsje Fryslân. Dizze edysje is útjûn troch Elikser.

provinsje fryslân
provincie fryslân 

Filmke mei de haadpersoanen sjen?
Scan de sân qr-koades yn dit boek.

Kening fan de cross

© 2022 Utjouwerij Elikser, Ossekop 4, 8911 LE, Ljouwert

skriuwer Freddie Scheltema
fotografy Paul de Bruin
kollaazjes en foarmjouwing vogelsang grafisch ontwerp
filmkes StudioSmids – Cinemakers, Wybo Smids,
Jacob Fokkens, Fimke van der Haring

ISBN 978 94 6365 482 1

NUR 284

Neat út dizze útjefte mei hoe dan ek fermannichfâldige wurde
sûnder dat dêr skriftlike tastimming fan de útjouwer oan foarôf giet.

www.elikser.nl



**KENING
FAN DE
CROSS**


**FREDDIE
SCHELTEMA**

OER IN FREONEGROEP FAN 4...


FILMKE



'YOODO, DOKU IN THE MAKING HJIRRE: DE AUTOCROSS YN MAKKUM KOMT DEROAN! STARRING:'




...DËR HAWWE WY...



...SVEN:

#perfectlife

'...ÛS MOAIBOY. HY KIN ALLES... AUTOCROSS. FUOTBAL. FAMKES FERSIERE...'




...ISABEL!

BADASS
OFFICIAL

'...AKA ISA. WAT IN STOERE CHICK!'

??
WTF



...DAN GEART:



...EN IK BIN FRANK:

'HY HAT GOUDEN HANTSJES... EN IS DE FËSTE MONTEUR FAN ISA.'



'IK WOL GRAACH FILMER SLASH REGISSEUR WURDE.'

LETTEERRRRR....!

1

‘Is Isabel al yn ‘e baan?’ freget Frank en hy sjocht op syn iPhone. Yn syn rjochterhân hat er in blikje Red Bull.

‘Nee, noch net,’ seit Geart fan ûnder syn swarte merkleaze cap. ‘Dit binne de senioaren, ik tink dat Isa en Sven hjirnei traine.’ Frank en Geart sitte op in bankje yn ‘e bocht foar de finish fan it autocrosssirkwy fan Makkum. Se sjogge nei de baan dêr’t in pear auto’s har rûntsjes ride. It is freedtejûn en de koereurs ferkenne de baan foar it Frysk kampioenskip fan moarn. Mear as hûndert riders sille dan yn ferskillende klassen stride om ‘e titel.

Frank en Geart ha efkes skoft. Se helpe mei it opbouwen fan ‘e feesttinte. Der moatte grutte, swiere houten platen op ‘e flier en der moat in bar yn pleatst wurde. De jonges ha mei har twaen de tafels en de stuollen de tinte yn tûge. No binne se efkes frij.

De jonges kinne inoar hast net ferstean. It lûd fan ‘e cross-auto’s is ferskuorrend. Frank faget it swit fan syn foarholle. Hy hat in reade holle fan it swiere tintewurk, mar hjir op ‘e baan is it ek waarm. De loft boppe de crossbaan trillet. Hoewol’t it al jûn is en de sinne hast ûndergiet, is it benaud en fiiswaarm.

‘Kin dy reade bol yn ‘e loft ek efkes út,’ prottelet Frank. ‘Wat is it benaud.’ Hy nimt in grutte slok fan syn enerzjydrankje. De sinnebril sacket him fan it swit hast fan ‘e noas.

‘Ja,’ seit Geart, ‘mar dêr ha ik in oplossing foar.’ En hy hellel twa blikjes bier út syn bûse.

‘Wat?’ ropt Frank ferwûndere en hy leit syn mobyl del. ‘Hoe komst dêr oan?’

‘No, dat is net sa dreech. Ik moast dochs de stuollen achter de bar sette? Lit my sizze dat de doar fan ’e kuolkast iepen stie en dat der twa blikjes út rûgelen. Se sprongen my sa yn ’e bûse.’ Hy goait in blikje nei syn maat en efkes letter sitte de jonges tefreden ûnderútsakke op it bankje.

‘Dit is better as dat goare sûkerwetter datsto altyd drinkst,’ seit Geart.

‘No,’ antwurdet Frank, ‘dat is net wier. Yn Red Bull, Monster en Bullit sit alles datst noadich hast. Der sitte in soad fitaminen yn en krijst der power en enerzjy fan.’

De grutte meunsters fan ’e senioaren ferlitte mei in alderheislikst kabaal de baan.

‘No komme de junioaren,’ seit Geart en hy nimt in slokje bier. ‘Mei wat nûmer rydt Isa?’ freget Frank en hy klaut oan syn knibbel.

‘Mei 23. De auto mei it rôze dak.’

‘Okee.’

‘Doch dyn eagen ticht,’ seit Geart.

‘Wêrom?’ Frank nimt in slok bier.

‘Lústerje no in kear nei my, lis dyn mobyl efkes oan ’e kant en doch dyn eagen ticht.’

‘Okee dan.’ Frank docht de eagen ticht.

‘Hearst it?’ freget Geart.

‘Wat?’

‘Hearst it net?’

Frank skodhollet.

‘It motorke fan Isa. Ik ha der oeren mei oan it prutsen west. Ik ha de motor kompleet demontearre en alles wer yn ’e oalje set. It wie in hell of a job mar it resultaat is dernei: it rint as in klokje en klinkt as muzyk,’ seit Geart.

Al in skoft is hy de fêste monteur fan Isa. Geart, soan fan in

garaazjehâlder, is grutbrocht mei auto's. Doe't er tolve wie koe er al motorblokken demontearre en wer yninoar sette. As jonkje ried er al auto's út en yn 'e garaazje. Oan auto's sleutelje is Geart syn iennichste hobby en hy wol neat leaver as letter it bedriuw fan syn heit oernimme. Skoalle is foar him in straf. Neffens de leararen is er in 'matige leerling zonder ambitie'. Geart syn ambysje is om sa gau mooglik fan skoalle te gean. It is syn grutte dream om oait in Mercedes-AMG te hawwen. En dan net om mei dy wein mei hurde hiphop oer it Makkumer strân te riden om chickies oan te lûken. Nee, it giet Geart allinne mar om it lûd, de foarm en de technyk. De Mercedes-AMG is foar him de perfekte auto. Mar Geart wit ek dat dat altyd in dream bliuwe sil. De kostpriis fan sa'n weintsje is 250.000 euro.

Frank docht syn eagen iepen en sjocht de rôze stockcar nûmer 23 yn 'e baan. De junioareklasse begjint foarsichtich mei de training. Se litte de motor op temperatuer komme en ûntdekke de baan. Se gean stadich op 'e drûge baan.

'Do fynst it klinken as muzyk. Ik fyn it kabaal. En wat in miljeufersmoarging. Dy útlitgassen en dat lawaai. It soe ferbean wurde moatte.'

'Jank dochs net sa, Frankie Vega. In pear dagen yn it jier wurdt hjir crosst. Dêr raant de iiskape net fan.'

'Je moatte in kear begjinne en wêrom hjir net yn Makkum. Dit is fergriemerij fan benzine en de smoargens giet de loft yn.'

Geart sjocht him oan en skodhollet. Sûnt in pear wike is syn freon ynienen hielendal foar 'it klimaat'. Fan 'e iene op 'e oare dei wie er fegetariër wurden en makke er him soargen oer de natoer. In frjemde draai, want in pear moanne lyn, doe't se in opdracht fan skoalle krigen om de nammen fan 'e beammen yn it park op te skriuwen, hie er dat ferkeard begrepen. Alle learlingen notearren: popelier, ikebeam, kastanje en wylgebeam. Mar Frank hie ûnferskillich op it formulier setten:

deade beam, griene beam, grutte beam, lytse beam en in om-seage beam. Dat hy no safolle mooglik klimaatneutraal wêze wol, hat miskien te meitsjen mei dat nije famke yn 'e klasse, Chantal. Dat famke is ekstreem mei it klimaat dwaande. Se is sa klimaatneutraal dat se gjin make-up, gjin kleurspoeling en sels gjin deo brûkt. Nettsjinsteande har fletse uterlik en har saai klean wie Frank fuort ûnder de yndruk. Op 'e Makkumer merke, achter de draaimûne, hie er har samar in tût jûn. Sy hie gjin beswier makke. In pear dagen letter hienen se in bakje oliven dield.

‘Do bist sa’n mantsje dat samar op in dei in brief nei de gemeente stjoert dat der miskien in Bengaalske kutkever libbet yn 'e wâl fan 'e crossbaan. En dan bisto, Frankie Vega, der ferantwurdlik foar dat der in djoer ûndersyk dien wurde sil en dat hjir yn Makkum it racen stillein wurdt.’

‘Safier sil ik noait gean,’ seit Frank Vega. ‘Dat belof ik dy.’
‘Komt dyn klimaatgekte miskien troch dat nije famke yn 'e klasse? Dy hippy, Chantal. De Greta Thunberg fan Makkum?’
Frank seit neat en faget in plúske fan syn Calvin Klein shirt.

Nûmer 23 komt traach troch de bocht.

‘Forza, Isa,’ roppe de jonges.

‘Is freon Baas al yn 'e baan?’ freget Frank.

‘Dêr komt er krekt oan. Sjoch, nûmer 7.’ Geart wiist nei de goudkleurige stockcar fan Sven.

Mei grof geweld komt nûmer 7 út it riderskertier. Hy stjoert rûch de baan op.

‘Wow, wat in agresje! Baas lit him efkes sjen en hearre. Wat in lawaai, wat in prachtige stockcar en wat in krêft!’ Geart giet stean en sjocht bewûnderjend nei Sven, dy’t oer de baan fljocht.

‘It is eins wol apart. Sven en Isa binne in setsje mar ek kon-kurrinten fan elkoar. Is Baas in bettere rider as Isa?’ freget Frank, dy’t no langút yn it gers leit.

‘Better? Dat is min te sizzen. Sven hat absolút it bêste materiaal, dêr soarget syn heit wol foar, mar Isa is tûker op ’e baan. Sy rydt oare linen en wit altyd gatsjes te finen.’

Frank sjocht nei it ingeltsje dat oer syn finger krûpt. Eins hat er neat mei autocross, mar syn freonen binne der sljocht op en dêrom giet hy mar mei. Frank hâldt fan filmkes meitsjen en dy dan bewurkje. Knippe en plakke, filterke deroer en muzykje derûnder. Hy kin dêr nachten mei dwaande wêze. En as er net mei syn eigen wurkjes oan it knoeien is, sjocht er films. Hy sjocht in soad films. Nachtenlang sit er foar goedkeape B-films. Foaral horror mei fampiers en searjemoardners, mar ek sciencefiction mei nuvere grizelige aliens dy’t bloed út minsken sûgje. It ferhaal fynt er bysaak. It giet him derom hoe’t sa’n film makke wurdt. Hy sjocht nei de kamera-opstelling, nei de beljochting en nei de montaaazje. Wat mei film dwaan liket him machtich.

‘Dus eins is Isa better as Sven, mar omdat Sven it bêste materiaal hat, is hy moarn favoryt foar it Frysk kampioenskip yn de junior stockcar klasse.’

Efkes seit Geart neat, mar dan draait er him nei syn freon. ‘Ik sis it net faak, Frankie Vega, mar dizze kear hast it by de rjochte ein.’

De fêste monteur fan Isa sjocht wer nei de training.

‘Sjoch, dêr stiet syn heit,’ seit Geart en hy wiist nei de súdkant fan ’e baan. Dêr stiet Minne Baas, oait Frysk stockcar kampioen en no monteur en coach fan Sven. Hy stiet oan ’e kant en leunt op syn stôk. Yn syn lêste race, dy’t achterôf dus ek echt syn lêste race wie, knalde hy by it útkommen fan in bocht op in achterbliuwer. Troch de gong dy’t er hie, gie syn wein trije kear oer de kop en belâne yn ’e djippe greppel neist de baan. De stockcar wie in wrak en Minne moast út ’e auto knipt wurde troch de brânwacht. Mei de ambulânse gie er nei it sikehûs. Dêr seagen se dat syn linkerskonk op fjouwer plakken brutsen

wie. De dokter dy't him op 'e operaasjetafel seach, sei: 'Ik bin benijd oft dizze man oait wer rinne kin.'

De operaasje duorre mear as trije oeren en der kamen platen yn syn knibbel en heup. It ankel lei hielendal yn pún en waard mei in pin fêstset. Syn refalidaasje yn Beetstersweach fan krapoan trije moannen wie swier, mar it karakter fan Minne wurke yn syn foardiel. Hy wie de hiele dei dwaande om it rinnen wer te learen. Hy biet troch de pine hinne en somtiden moast it medysk personiel him ôfremje. Troch syn hurde wurkjen en mei help fan fysioterapeuten koe er wer rinne, al waard syn skonk noait wer goed; hy moast mei in stôk rinne. Doe't er wer thús wie yn Makkum hie er sels wer in kear yn in stockcar riden, mar nei in pear rûntsjes moast er tajaan dat crossen der net mear yn siet. Hy moast út 'e stockcar tild wurde.

Nei dy dramatyske ein fan syn crosskarriêre waard Minne trainer/coach en monteur fan syn soan Sven. Dy taken nimt Minne o sa serieus. By elke wedstriid stiet er lâns de kant en hy bemuoit him mei alles. Fansels preparearret hy de motor en is er fêste monteur, mar hy is ek in strange coach oan 'e baan. Hy hat altyd krytyk en seit dat sûnder omhaal. As Sven in flaterke makket yn 'e race, dan spuit Minne raar guod dêr't oaren by stean.

Dy petearkes gean ûngefear sa: 'Hoe koest ferdomme sa let ynstjoere yn bocht 2?'

'Ik miende dat der ien neist my ried.'

'Ik hie dy dochs sein datst yn dy bocht de binnenkant hâlde moast? Wêrom lústerst net nei my?'

'Ik miende dat ...'

'Niks, "ik miende dat". Lústerje, ferdomme!'

'Fierder gie it dochs wol aardich?'

'Wy binne hjir net om aardich te riden. Ik bin hjir om te winnen!'

Sven Baas, de jonges neame him faak 'Baas', giet nei sa'n tsien

minuten fan 'e baan en wer nei it riderskertier. Hy is tefreden oer syn training en wol net dat syn wein skea oprint. Isa makket mear rûntsjes. Se rydt konsintrearre oer de baan en ûnthâldt wêr't de hobbels en de gatten sitte. Dan trapet se op it rjochte ein it gaspedaal yn. Foar bocht 1 stjoert se earst nei rjochts en dan nei links. Sa giet de achterkant fan 'e stockcar nei bûten en drift se troch de bocht. Op it rjochte ein jout se dan wer gas en stjoert heech yn foar bocht 2.

De jonges raze en springe as se foarbykomt. Isa heart en sjocht it net en lavearret tusken de oare auto's troch. Sa no en dan dielt se in tikje út, mar se soarget wol dat de stockcar gjin skea oprint. It rydt dreech, want der binne in soad riders en troch de drûchte is de baan ien grutte stofwolk. Der hinget sa'n soad stof, dat Geart en Frank de wein fan Isa hast net mear werkenne.

'By the way,' seit Frank, 'do hast twa bierkes regele, ik ha ek wat by my.'

En hy stekt de hân yn 'e bûse fan syn koarte broek. Triomfantlik hellet er der twa ferfrommele joints út.

'Hjir,' seit er. 'Twa fijne pretsigaretten. In kwaliteitsjoint fan ryspapier en kannabis, al sis ik it sels. Mei leafde en oandacht yninoar draaid.'

'Bliksem, dat sjocht der goed út, Frankie. It is dochs wol fegetarysk?' knypeaget Geart.

'Puer natuer,' kraait Frank.

Frank sjocht benaud om him hinne. Hy wol net betrape wurde mei de softdrugs. Soms hat Frank in grutte bek, mar eins is er in bang mantsje. Hy is bliid mei de freonskip fan Geart en foaral Sven. Op skoalle kin hy stoer wêze, want hy wit dat syn freonen achter him stean. Sven, Geart en ek Isa nimme it altyd foar him op. Miskien omdat se Frank ek wol wat begrutlik fine. Hy wurdt somtiden pest op skoalle.

'Yn 'e brân dat ding,' seit er stoer as er gjin minsken om him hinne sjocht.

Geart jout Frank in fjoerke en hy sûget de reek nei binnen. Stadich lit er de grize wolk ûntsnappe. Hy knikt tefreden. Geart moat efkes kochelje.

‘Sterk spul,’ seit er. Frank laket en nimt noch in haal. Hy hat de eagen heal ticht. Beide jonges sitte tefreden op it bankje yn it jûnsljocht. Geart stoarret nei de sinne dy’t as in reade bal boppe de Iselmar hinget. Dan draait er syn holle nei links en sjocht nei de feesttinte. De bouploech sit bûten oan it bier.

‘Ik tink dat se ús net mear noadich ha. It wurk is dien.’ Frank gnysket en sacket wat ûnderút. ‘Dêr komme wy moai fanôf.’

It lûd op ’e baan wurdt stadichoan minder. De stockcars ride sûntsjes har rûntsjes. De training sit derop. Isa stjoert har auto nei it fjild neist de baan: it saneamde riderskertier. Dêr op it koereurs- en monteursfjild parkeart se har stockcar. De jonges op it bankje sjogge Sven syn heit sa hurd as er mei syn stôk rinne kin nei it riderskertier gean.

‘Sjoch,’ seit Frank, ‘Minne Baas sil wol wer in soad kommentaar ha. Hy sil Sven wer oan ’e ankels ta ôfbrâne.’

‘In fint fan neat,’ prottelet Geart en hy goait syn peukje fuort. ‘Alles wat hy net mear kin, moat Sven dwaan.’

‘Ja, ferskriklik, sa’n fanatike heit,’ bromt Frank. ‘Ik wit der alles fan. Sneons stean de heiten by it fuotbal lâns de line te balten. “Nei links, nei rjochts, djip gean, meiferdigenje.” Ik wurd der gek fan. It fuotbal is better as se der net binne. Lokkich moat myn heit op sneon wurkje. Ik soe my deaskamje.’

‘Do bist dochs keeper?’ seit Geart drûch.

‘Ja,’ antwurdet Frank foarsichtich, ‘mar as ik in flaterke meitsje, skelle se ek op my.’

Geart knikt. Hy hat in kear in wedstriid fan Makkum ûnder sechstjin sjoen en Frank makke gauris in blunder. Frank is gjin atleet en kin de ballen net sa goed ynskatte. Hy dûkt der

faker oerhinne as dat er se hat. Oan it materiaal kin it net lizze, want Frank hat de moaiste keeperstruien. Rô, giel en fluorisearjend grien.

‘Minne docht itselde by Sven. Kom, wy gean efkes nei ús helden.’

OP EN NEIST DE CROSSBAAN....

FILMKE




23



GRL
PWR

TWA FIJNE PRETSIGARETTEN.
'PUER NATUER,' KRAAIT FRANK.

WAT IN FAAM!



Wow!

ACHTER
DE DRAAIMÛNE
HIE ER HAR SAMAR
IN TÛT JÛN. SY HIE
GJIN BESWIER MAKKE.



KNAP...
PETSJE ÔF!



HEIT SJOCHT
NET SA BLIID...

2

De jonges komme muoisum oerein. De joint en it bier ha de skonken swier makke. Se sloffe nei it fjild neist de crossbaan. Underweis komme se Minne Baas tsjin. Syn donderspeech hat him in reade kleur jûn. Sûnder te groetsjen hinket er fan it terrein.

De jonges kuijerje tusken crossauto's en monteurs troch. It rûkt nei benzine, oalje en ferbrând rubber. Dan sjogge se Isa, dy't yn har rôze race-overal tsjin 'e achterbân oan trapet. Frank pakt gau syn iPhone en set syn kamera op fideo.

'Hee, hee,' ropt Geart, 'dy auto kin der neat oan dwaan.'

'Och,' seit Isa en se set har helm ôf, 'it wie jûn hielendal ruk. Ik koe de linen net fine. Ik glied alle kanten út.'

'Oan it motorke kin it net lizze,' seit Geart. Hy hat de kap omheech en stoarret nei it motorblok. 'Alles sjocht der strak en skjin út. Dit is it maksimale.'

Hy faget syn fettige hannen ôf oan syn T-shirt. Dan komt Sven deroan rinnen. Hy falt net te missen: in jonge fan hast twa meter mei lang ljocht hier en stielblauwe eagen yn in spierwite overal. Sven is populêr yn Makkum en omstreken. Hy is grappich, sympatyk en sjocht derút as de sjonger fan in boyband. Boppedat kin er alles. Je kinne it sa gek net betinke of Sven kin it. Hy is in geweldige fuotballer, in tûke keatser en blinkt út yn atletyk. Doe't se op 'e sportdei fan skoalle fierljeppe moasten, sprong hy, sûnder training, mear as fyftjin meter. In skoalrekôr.

'Ha, wite reus,' ropt Frank en hy draait syn mobyl nei Sven.

‘Ik nim oan dat dyn heit wer in soad nuttige advizen jûn hat.’
Sven laket súntsjes.

‘Ja, hy hat hiel kalm en behearske wat tips oandroegen. Sa as:
“Do rydst ferdomme as in âld wiif. It like nergens op. Ferskiten
tiid. Do rydst as in beppe fan 96. Se hienen dy noch ynhelle
mei in scootmoby!”.’

De jonges en Isa skatterje it út.

‘Dy Minne hat der wol ferstân fan,’ seit Isa en se strykt troch
har lange swarte hier.

‘No, ik leau dat ik nûmer 23 in pear kear foarbyriden bin. Ik
seach dy allinne mar yn myn achterútsjochspegel,’ laket Sven
en hy jout Isa in freonlik tikje. Isa bûcht wat foaroer en kriget
in kleur. Se faget har hier nei achteren, it swit dript derút.

‘En it is ek sa fokking waarm!’ blaast se. ‘Earst dy overal út.’
Isa giet achter de stockcar stean en mei de rêch nei de jonges
docht se har race-unifoarm út. Se wrot en wrakselet om út de
rôze overal, dy’t swier wurden is troch swit en stof, te komen.
Se hat gjin T-shirt oan en har swarte beha stekt ôf tsjin
har wite fel.

Frank is noch altyd oan it filmjen.

Isa stiet foaroer en strûpt de overal nei ûnderen. No stiet se
yn har swarte string. Frank filmet troch, al trilje syn hannen.
Isa stapt út ‘e boksen. Frank bliuwt filmjen, al sjocht Geart him
ferwitend oan. Sven, dy’t stiet te praten mei in pear monteurs,
hat neat yn ‘e gaten.

No giet Isa op ‘e knibbels en hellel in handoek út har sporttas.
Se faget de smoargens en it swit fan har meagere lichem. De
moby stiet noch altyd oan. Dan hellel se in skjin T-shirt en in
koarte broek út ‘e tas. Se strûpt rap yn ‘e skjinne klean. Frank
hâldt op fan opnimmen en docht syn mobyl yn ‘e bûse.

‘Sille wy sjen oft wy wat te drinken krije kinne yn ‘e feest-
tinte?’ Sven hat syn overal heal út en hat de mouwen oaninoar
knope. Hy is heal bleat en sjocht der sûn en sterk út. As in
atletyske Grykske god.

‘Goed plan,’ roppe Geart en Frank en se kuijerje nei de tinte. De bouploech sit foar de tinte op lege kratsjes bier. De Hûnekop dondert troch de lûdsynstallaasje.

‘Moatst dêr sjen! Wat komt dêr oan?’ ropt Henk Jager, foarsitter fan it bestjoer fan de Autocrossklup en foarman fan de tintebouploech. ‘Dêr binne ús arbeiders. Us helptroepen. Se nimme efkes skoft en se komme werom at alles klear is. De hearen wienen oan it chillen?’

De bouploech laket. Frank en Geart krije in kleur. ‘Jim binne echt ûnferfangbere krêften dêr’t je op bouwe kinne,’ seit Henk synysk.

‘Dêr’t je mei bouwe kinne,’ seit ien út ’e groep. Der wurdt wer lake.

‘Mar wol fijn dat jim ús pleatslike favoriten meinommen ha. Us oanstearde kampioenen: Isabel de Vries en Sven Baas!’ De bouwers roppe lûd en se stekke har bierfleskes yn ’e loft. Isa en Sven witte har gjin hâlding te jaan en stean der wat ûnhandich by.

‘Mar superkwartet,’ giet Henk fierder, ‘hoe âld binne jim?’ ‘Sechstjin,’ leugenet Frank.

‘Hm,’ seit Henk, ‘dan meie jim eins noch gjin bier ha.’ De jonges en Isa sjogge nei de grûn.

‘Hm,’ bromt Henk noch in kear en hy wriuwt oer syn kin. ‘Och, Henk,’ seit grouwe Siebe, dy’t mei de rêch nei har ta sit, ‘de jonges ha dochs holpen en Isa en Sven ha in swiere warme training dien. Net sa presys dwaan. Jou se in bierke.’ Henk tinkt efkes nei.

‘No, toe dan mar,’ seit er op it lêst. ‘It is ek sa aaklich waarm. Jim ha wol in bierke fertsjinne.’ En hy fisket fjouwer fleskes út in tobbe fol mei iis. Mei in oanstekker wipt er de dopkes derôf. ‘Net tsjin jim âlders sizze,’ balt er.

‘En lit ús toaste op de nije Fryske kampioen by de Junior Stockcar: Isabel de Vries of Sven Baas,’ ropt Siebe lûd en hy stekt syn fleske yn ’e loft.

‘Tsjoch!’ ropt de bouploech en op ’e achtergrûn sjongt De

Hûnekop ‘Moai Smoar!’.

De fjouwer freonen gean op it gers sitten wylst it stadich tsjuster wurdt. Frank hellel syn mobyl wer út ‘e bûse en filmet de bouploech. Dan gean ynienen de kleurde lampkes oan dy’t yn stringen oan ‘e tinte hingje. Grouwe Siebe skrikt sa fan it ljocht dat er achteroer fan it kratsje falt mei in bierke yn ‘e hân. Mei in klap leit er langút yn it gers, it bier oer him hinne. De groep skatteret it út.

‘In gouden TikTok-clipke,’ brult Frank.

‘Hast it opnommen?’ freget Isa.

‘Ja,’ kraait Frank. ‘It stiet derop. Dizze giet firaal! Dit wurde in soad likes!’

De fjouwer freonen lizze langút yn it gers fan it laitsjen.

‘Haha, dy grouwe Siebe. Wat in looney!’

Siebe komt mei lijen oerein.

‘Steltsje hûnekoppen,’ bromt er nei syn maten en hy faget it bier fan syn gesicht. ‘En jim ek, “hangjeugd”,’ en hy wiist nei Frank, Geart, Sven en Isa. ‘Ik ha sels in bierke foar jim fersierd. En no laitsje jim my út. Ik sil nochris wat foar jim dwaan.’ Dan waggelet er nei de útgong en ropt in pear kear: ‘Gjin respekt. Gjin respekt!’

Frank seit, as er útlake is: ‘Ik gean ek mar nei hûs. It wurdt moarn in lange dei. Ik ha it hjir wol besjoen.’

‘Samen uit, samen thuis,’ seit Sven en hy en Isa gean ek stean.

‘Ik bliuw hjir noch efkes,’ seit Geart.

‘Net te lang hingjen bliuwe. Miskien ha ik dy noch noadich, monteur,’ seit Isa.

‘No problemo, mem. It motorke rint perfekt, do kinst sa ynstappe, mar ik sil der op ‘e tiid wêze.’ En Geart giet op it kratsje sitten dêr’t grouwe Siebe fanôf foel. ‘Groetnis en Forza Makkum!’ ropt er nei syn freonen.

Frank, Sven en Isa rinne nei de útgong, de waarme Makkumer

nacht yn. As se by de nijbou binne, seit Frank: 'Freonen, it beste. Ik sjoch jim moarn.'

'En betiid der wêze. Wy ride om alve oere,' seit Isa.

'I will be there, honey,' en Frank stekt twa fingers yn 'e loft. 'Forza.'

As Sven en Isa om 'e hoeke binne, seit Sven: 'Ik helje him moarn op. Hy fersliept him 100%.'

'For sure,' knikt Isa.

It stel kuieret troch tsjuster en ferlitten Makkum. It is stil, waarm en der stiet net in suchtsje wyn.

Sven pakt Isa har hân. It fielt switterich oan. Isa sjocht nei Sven en se kin it hast net leauwe dat se in setsje binne. Sven is in kop grutter, sterk en ôfgrysliek knap. Hy is de bink op skoalle en liket in fotomodel. En Isa? No, Isa fynt harsels net kreas. Se is ûnwis oer har meagere, smelle lichem. Hoewol't se al fyftjin jier is, hat se mar cup B en se fynt dat se in jongeskont hat. Se wol graach seksy wêze, mar se fynt harsels it tsjinoerstelde fan seksy. Dêrby fynt se har earen te wiid stean en dêrom bedekt se dy flappers mei har lange hier. Isa snapt net dat Sven mei har giet. Hy kin alle famkes krije. Wat is der oantreklik oan har?

'Sliepst hjoed by dyn mem?' freget Sven. Krekt as de âlders fan Sven binne dy fan Isa útinoar. En krekt as de âlders fan har freon wenje de heit en mem fan Isa beide yn Makkum. Der sitte mar in pear strjitten tusken. De skieding fan Isa's âlders hie der wol ynhakt. Har heit sei op in jûn nei it waarm iten dat er in freondinne hie, ien út Makkum noch wol, en wie samar fuortgien. Samar. As in tongerslach by heldere himel. Isa en har mem wienen ferbjustere. Beide hienen se noait murken dat hy al in tiid in relaasje hie mei in oare frou. Isa har mem koe it net ferwurkje en siet dagen gûlend op 'e bank. De wiken neidat har heit net mear thúskaam, wie it krekt of wie der ien stoarn. No, sa'n twa jier letter, giet it in stik better en Isa komt ek wer by har heit oer de flier. En Isa moat tajaan

dat Froukje, heit syn freondinne, tige har bêst docht en dat se ek wol aardich is. Mar it leafst is Isa gewoan by har mem.

De cross wie eins de oarsaak dat de âlders fan Sven útinoar gienen. Heit Minne wie allinne mar mei syn eigen crosskarriêre dwaande en doe't hy troch it ûngelok sels net mear race koe, stuts er al syn tiid, jild en enerzjy yn 'e karriêre fan Sven. Minne sette alles op alles foar syn soan en dat sette ek de húshâlding en de relaasje mei syn frou ûnder druk. Dêr kaam by dat Minne net in maklik man is. Hy hat rûzje mei sa'n bytsje elkenien dy't belutsen is by de cross. Rûzje mei it bestjoer fan de Autocrossklup, mei alle frijwilligers op 'e baan en sels mei it publyk. Der hat sels in tiid west dat er net wolkom wie op 'e crossbaan. It is net foar neat dat syn bynamme yn Makkum 'Minne Hûn' is. Sven syn mem koe net mear oer de spanning en frustraasjes fan har man en frege in skieding oan. Sven hat gjin lêst fan 'e breuk. 'It hie folle earder moatten,' seit er tsjin syn freonen. Troch de wike is er by syn mem, yn it wykein by syn heit.

'Ja, ik sliep by myn mem,' seit Isa en se sjocht nei de grûn.

Sven knikt. 'Sil ik dy thús bringe?' freget er.

'Bêst,' seit Isa en se hellet de skouders op.

Se rinne nei it âlde sintrum. By it lytse hierhúske dêr't Isa en har mem wenje, hâlde se stil. Sven sjocht yn 'e blauwe eagen fan syn freondinne en aait har oer 'e holle. Hy leunt in bytsje foaroer en tutet har. Hy drukt syn lippen op dy fan Isa en hy pakt har stevich beet. Isa tutet werom. Earst foarsichtich mar efkes letter docht se har eagen ticht en tutet har freon mei passy. Sven syn hân giet ûnder har T-shirt en hy aait har waarme rêch. Hoewol't it switterich waarm is, hat Isa pikefel. Dan giet Sven nei har foarkant. Hy strykt oer har bh, fielt oan har boarsten en knypt deryn. Isa skrikt in bytsje mar lit him begaan. Sven rekket in bytsje oerémis en pakt har by de kont. No draait Isa har holle en flústeret: 'Rêstich oan, Sven.'

Mar Sven docht net rêstich oan en wringt syn hân yn har broekje.

‘Nee, Sven. Dit wol ik net,’ seit Isa. Se fielt syn hân yn har slipke. ‘Sven!’ seit Isa no wat lûder, ‘ik wol dit net.’

It jout har neat. Har freon heart har net en triuwt syn hân fierder nei ûnderen. Isa wol har loslûke, mar Sven hat har stevich fêst. Isa wrakselet en probearret te ûntsnappen, mar se sit fêst yn syn greep. Binne it de bierkes dy’t him sa gleon en losslein meitsje? Yn elk gefal is dit net de Sven op wa’t Isa ferlyfd is.

‘Nee, Sven!’ ropt Isa no. ‘It docht sear.’

Noch hâldt har freon net op. Ut alle macht probearret Isa harsels te befrijen, mar har oanfaller is sterk. Mei muoite kriget se de rjochterhân los. Earst probearret Isa Sven fuort te triuwen, mar dat slagget net. Dan hat se noch mar ien opsje en se slacht Sven sa fûl as se kin yn syn gesicht. Sven skrikt en syn greep fersloppet. Op dat momint triuwt Isa him fan har ôf. ‘Kloatsek! Grutte goare kloatsek!’ raast se. Har stim draacht fier troch de Makkumer nacht. Dan docht se de klean goed en rint fuort. Ferbjustere stiet Sven ûnder it feale ljocht fan ’e strjitlantearne. Hy komt wer by sinnen as Isa de achterdoar fan it hûs mei in klap tichtgoait.

Sven skoddet mei de holle en rint dan de strjitte út. ‘Ferdomme,’ mompelet er. ‘Ferdomme!’

FRANKIE 'VEGA' EN SYN TELEFOAN...



FRANK IS NOCH
ALTYD OAN IT
FILMJEN.



NIX18



'TSJOCH!' ROPT DE
BOUWPLEECH EN OP 'E
ACHTERGRÛN SJONGT
DE HÛNEKOP 'MOAI
SMOAR!'



FILMKE →



'NEE, SVEN. DIT WOL IK NET.' SEIT ISA.



De oare moarns, de dei fan it kampioenskip, is Sven al betiid wekker. Eins hat er mar in pear oerkes sliept. It is net allinne de spanning foar de wedstriid dy't him út 'e sliep holden hat, mar ek syn gedrach nei syn freondinne Isa. Wêrom't hy tsjin har sin oan har lichem siet is him net dúdlik, mar wol dat er fout west hat. Dat hy net lústere hat nei Isa en dat er respektleas mei har omgien is, dat sit him dwers. Hy fielt him sa skuldich dat er gjin each tichtdien hat. Al foar seizen is er fan 't bêd. Nei't er him wosken hat, sjocht er op syn telefoan. Hy twivelet oft er Isa in app stjoere sil. In appke mei 'sorry' en dan nederich om ferjouwing freegje. Nei lang neitinken docht Sven it dochs mar net. Op dy manier berjocht jaan oer wat sa persoanlik is fynt er úteinlik wat te maklik.

Om in oere as acht komt syn heit nei ûnderen.

'Môge,' bromt er. 'Bist der no al ôf?'

'Ja, ik koe net sliepe.'

'Dat is in goed teken. Dan binne je dermei dwaande. Ik tink, ik bin der eins wol wis fan, datsto hjoed Frysk kampioen wurdst. Dat mist my net. Do stiest hjoed mei de beker en de blommen.'

Sven hellel syn skouders op en smart in stik bôle. De hearen Baas sitte tsjininoar oer oan de keukentafel.

'Sil ik in bakje tee foar dy sette? It is belangryk om goed te drinken op sa'n dei. It wurdt behoarlik waarm hjoed, dus moastst in soad wetter drinke. Dat moastst net ferjitte,' seit heit Baas.

Sven bromt wat.

‘En efkes oer de race,’ giet Minne Baas fierder, as er it wetter foar de tee opset, ‘do moatst Jelle Visser yn ’e gaten hâlde. Dat is ek in favoryt en in snelle jonge. Dêrom is dy start sa belangryk. Do moatst soargje datst yn ’e earste bocht foaroan leist. Dus as it ljocht op grien spat fol gas nei dy bocht en dan nei binnen snije.’

Sven kôget op in stik bôle mei tsiis.

‘Lústerst wol?’ freget Minne.

‘Jaah,’ seit Sven.

‘En ast dan as earste út dy bocht komst dan moatst ûnder yn ’e baan bliuwe. Sa kinst it bêste de oanfallen opfange. Dus bliuw ûnderyn en ...’

‘Op hokker plak start Isa?’ Sven ûnderbrekt de preek fan syn heit.

‘Isabel de Vries? Gjin idee. Mar Isa is gjin konkurrint.’

‘Se docht it oars knap mei dat âlde bakje fan my. Geart hat dat motorke der knap foar. En Isa rydt tûk.’

Syn heit sykhellet djip.

‘Isa? Isa? Do moatst net dwaande wêze mei dat famke. Do moatst dy konsintreare op dyn eigen race. Wat kin dy Isa skele!’

Sven spat oerein.

‘Isa is tafallich wol myn faam!’ ropt er.

‘Do moatst dy net ôfliede litte troch dyn faam. It giet hjir ferdomme om it Frysk Kampioenskip. De earste trije gean nei it Nederlânsk Kampioenskip. Hast dat wol yn ’e gaten?’ âlet Minne. ‘Dizze race kin dy meitsje of brekke. Fokusje dy!’

Sven goait syn bôle op tafel.

‘Ik bin hjir klear mei.’ Hy rint de keamer út.

‘Wat silsto?’ ropt syn heit. Op dat momint makket de wettersjettel in skel lûd.

‘Ik gean,’ seit Sven en hy pakt syn tas.

‘Ik ha tee foar dy.’

‘Wat fuckt my dy tee,’ ropt Sven en hy pakt syn tas.

'Ik gean. Krekt as mem in pear jier lyn!
Sven klapt de doar achter him ticht.
Minne Baas bliuwt ferbjustere achter.

Lilk en mei in bak agresje yn 'e bealch rint Sven troch Makkum. No, rinne? It is hast draven. Underweis flokt er in pear kear. Wêrom wer sa'n donderspeech, tinkt er. Hy wit ferdomme sels wol hoe't er race moat. Alle kearen wer dy net-frege advizen en dy bakken krityk. Hy docht it yn 'e eagen fan syn heit noait goed of net goed genôch. Hy skopt tsjin in blikje as er de Midstrjitte yn rint. Dan bliuwt er stean by Slagerij De Groot en begjint te glimkjen. Hy moat altyd glimkje as er syn maat Frank 'Vega' de Groot ophellet, want boppe de etalaazje fan keurslager De Groot hinget in boerd mei de tekst: 'Foar al jo fleis farsk fan it mes, is De Groot it adres' en dêrûnder in tekening fan in laitsjende ko. In slachterij mei in laitsjende ko! Krekt as giet in ko mei nocht en yn polonêze it slachthûs yn. En lit er him gnizend ôfsjitte. Sven fynt dat boerd humor en syn minne sin is alwer foar de helte fuort.

As Sven de doar iependocht stiet de mem fan Frank yn in wite jas achter de toanbank de drûge woarsten op te hingjen. 'Goeiemoarn, frou De Groot,' seit Sven as er de slachterij ynrint. 'Is ús fegetariër al wakker?'

De frou achter de fitrine suchtet djip.

'Ik leau dat dy nuvere jonge noch op bêd leit. Hy hat de hiele nacht wer fan dy ferskriklike moard- en deaslachfilms sjoen. Ik sil him roppe.'

De frou slofket nei achteren. Sven sjocht dat de mem fan Frank ek it logo fan in laitsjende ko achter op 'e wite jas hat. 'Frank! Frank! Sven stiet yn 'e winkel. Komst derôf?'

As se werom is seit se: 'Ik wit net wat ús Frank mankearret. Hy is tsjintwurdich sa dwers as in balke. Do kenst ús hûn dochs wol?'

‘Ja, fansels,’ seit Sven, ‘Salamy.’

‘Krekt,’ seit de frou achter de toanbank. ‘Dat hûntsje hjit al fiif jier Salamy. No wol Frank syn namme feroarje yn Brokkoly. In hûn mei de namme Brokkoly! Hoe betinke je it. Dalik mei dy earme hûn allinnich noch mar plantaardich fretten ha.’

Sven prúst it út.

‘Wolst ek in stik woarst?’ seit de mem fan Frank.

‘Is it vega?’ knypeaget Sven.

‘Nee, fansels net.’

‘Dan graach.’

De mem fan de fegetariër knikt.

‘Dan moatst hjoed wol winne. Hiel Makkum rekkenet op dy,’ seit de slachtersfrou as se him in stik boaterhamwoarst jout.

Sven hellet de skouders op.

‘Ik sil myn bêst dwaan. Dat is it iennichste dat ik kin: myn bêst dwaan.’

De frou mei de laitsjende ko op ‘e rêch knikt.

‘Ik ha fertrouwen yn dy. Frysk kampioen!’

‘Wy sille sjen. Sis mar tsjin Frank dat ik bûten wachtsje.’

Tsien minuten letter komt Frank hastich nei bûten. Hy wriuwt yn syn eagen en it hier stiet him rjocht op ‘e kop. Hy hat in blikje Bullit yn ‘e hân.

‘Jee, wat bist betiid. Hoe let is it?’

‘Ek goeiemoarn,’ seit Sven. ‘It is kertier foar njoggenen.’

‘Wat idioat betiid. Jim race is dochs pas om alve oere?’ Frank set syn sinnebril op en nimt in slok drinken.

Sven knikt.

‘Lit my sizze dat ik it hûs út flechte bin. Myn heit siet wer op ‘e preekstoel. Ik moast dit, ik moast dat ... Ik wie der wol klear mei.’

‘Okee,’ seit Frank en hy hellet in hân troch syn rûge hier.

‘Wachtsje, ik meitsje in foto fan dy.’

‘Wêrom in foto?’ Sven docht syn hân heal foar syn gesicht.

‘Ik ha in plan om in soarte fan dokumintêre oer dy te meitsjen.’

‘Wat? In dokumintêre?’ seit Sven ferbaasd.

‘Ja, oer it kampioenskip,’ seit Frank. ‘Ik tink noch nei oer de titel. “Sven, Baas op eigen cross”, of “Sven Baas, Kening fan de cross” of “The man, the legend: Sven Baas”. Ik wit it noch net.’ ‘Is dat net wat oer de top?’ It ûnderwerp fan de doku skoddet syn holle.

‘Miskien,’ seit Frank en hy nimt wer in slok enerzjydrink. ‘Kom, op nei de baan. Benijd oft Isa en Geart dêr al binne.’

It is drok op it riderspark. Koereurs en monteurs lizze de lêste hân oan 'e racemeunsters om se optimaal oan 'e start te krijen. Motors wurde start, bannen wurde ferwiksele en mannen yn overals sleutelje oan it materiaal. It rûkt nei ferskroeid rubber en benzine en hoewol't it noch betiid is, brânt de sinne fer-skuorrend. Sven en Frank rinne streekrjocht oer it fjild nei de stockcar fan Isa.

‘Hey,’ seit Sven.

‘Hey,’ seit Isa.

Mei in klap docht Geart it motorkapke ticht.

‘Neat mear oan dwaan,’ seit er. Hy hat in swarte feech op syn gesicht.

‘Bist tefreden?’ freget Sven.

‘Tefreden? Ik tink dat ik sa oan 'e slach kin by it Red Bull Racing Team yn 'e Formule 1. Ik soe it weintsje fan Max Verstappen sels oppimpe kinne.’ Hy faget syn smoarge hannen ôf oan syn ljochtblauwe T-shirt.

‘No, dat belooft wat,’ seit Frank en hy sjocht yn 'e kabine dêr't Isa daliks sitte moat.

Geart stiet mei de hannen yn 'e side.

‘Mei dit weintsje dogge wy mei foar de prizen. As Isa in bytsje yn foarm is moat dat slagje. Oan 'e motor kin it yn elk gefal net lizze. Forza!’

Frank, dy't noch altyd foaroer stiet en nei it ynterieur fan de stockcar stoarret, seit: ‘O, wat in druk. Wat in pressure, Isa. Do moatst no wol winne en meist gjin flaters meitsje. En kinst

Geart net de skuld jaan. It leit net oan it materiaal. Poeh, ik soe in bytsje senuwachtich wurde.’

‘Ophâlde no, Frankie Vega,’ seit Sven. ‘Sit de saak net op te naaien.’

Isa docht in stap nei foaren.

‘Do hoechst net foar my op te kommen, Sven,’ seit se bits. ‘Ik kin mysels wol rêde. En by the way Frankie: ik bin sa kalm as it mar kin. Ik bin net senuwachtich. De druk leit by wonderboy Sven. Syn wein sjocht derút as in Ferrari, mar hat ek hast safolle koste. Hy hat it bêste materiaal. Hy is de favoryt en moat kampioen wurde. Hy hat de druk.’

Sven stiet der wat ûnnoazel by en sjocht nei syn skuon.

‘No no no, sille wy it wat gesellich hâlde,’ seit Geart. ‘It is in prachtige dei en wy meie race yn ús thúsdoarp. Dus chill.’

De fjouwer freonen binne efkes stil en sjogge mekoar net oan.

Frank sjocht wat op syn mobyl, Geart lûkt oan syn cap en Sven siket wat yn syn bûsen. It is Isa dy’t de stilte ferbrekt.

‘Ik wol it graach gesellich hâlde,’ seit se. ‘Troch dizze race moatte wy gjin rûzje krije. It is mar in race ...’

‘Prima,’ seit Sven. ‘Litte wy der in aardige wedstriid fan meitsje en mei de beste hjoed winne. Wy binne úteinlik freonen en moatte gjin stront krije om de autocross. It is mar in cross.’

De freoneploech knikt.

‘Moai, dan gean ik no nei myn eigen stockcar. Myn heit sil der no ek wol wêze. Sukses allegear.’ En hy groetet it trio.

‘Kin ik efkes mei dy prate, Frank?’ seit Isa.

Frank sjocht ferheard.

‘Bêst.’

‘Kom,’ seit Isa en sy en Frank rinne nei in plakje dêr’t it minder drok is. Se bliuwe stean oan de râne fan it ridersplak.

‘Do hast juster in filmke makke,’ begjint Isa.

‘Ja, dat kin wol klopje. Ik meitsje in soad klipkes.’

‘Do hast in filmke makke doe’t ik my ferklaaide.’

‘Ik, eh ...’ stammeret Frank.

‘Do hast in klipke makke wêryn’t ik yn myn ûnderklean stean.

En dat filmke, dêr't ik healneaken yn stean, hast op TikTok set,'
seit Isa grimmitich.

No seit Frank neat.

'Sukkel! Wat wolst dêrmei berikke, Frankie iPhone? Wat is dêr
it doel fan?'

Wer komt der gjin lûd út Frank.

'Ik waard hjoed wekker en myn mobyl siet fol appkes fan
freondinnen dy't it filmke al sjoen ha. Ik gean krekt noch net
firaal.'

Isa drukt no har wiisfinger op it boarst fan Frank.

'Lústerje no efkes goed nei my, Frankie Vega,' seit se stadich en
se sjocht him liik oan. 'Ik ha dy al faker warskôge. Do moatst
my net sûnder te freegjen filmje. Dêr ha ik in hekel oan.'

Isa sjocht earnstich.

'Dus do hellest nó dat klipke fan ynternet. Sa net, dan soargje
ik datsto wer frikandellen ytst. Dan stamp ik gehakstaven by
dy nei binnen. Troch de foarkant en de achterkant. Dúdlik,
domkop?'

Frank seit neat, knikt, pakt syn iPhone en deletet, dêr't Isa by
stiet, it filmke.

'Spitich,' seit er. 'Do meist der bêst grutsk op wêze.'

'Dêr giet it net om, Vega gehakbal. Do hast sûnder tastimming
en stikem filme en it op social media goaid.'

'Jaja, it is no wol dúdlik. Ik sil it noait wer dwaan.'

'Moai,' seit se ferromme, 'dan kin ik my no konsintreare op
'e race.'


DE DEI FAN IT KAMPIOENSKIP...



'IK BIN HJIR KLEAR MEI. IK GEAN, KREKT AS MEM IN PEAR JIER LYN!'



FILMKE




GEART IS TEFREDEN!



'IK SOE IT WEINTSJE FAN MAX VERSTAPPEN SELS OPPIMPE KINNE.'

'IS ÛS FEGETARIËR AL WEKKER?'



'DO MOATST MY NET SÛNDER TE FREGJEN FILMJE.'

4

‘Hast in moai startnûmer,’ seit Minne Baas tsjin syn soan. ‘Okee,’ seit Sven net al te entûsjast. Hy is de rûzje fan fan ’e moarn noch net ferjitten. Hy giet op ’e motorkap sitten en wringt him yn syn race-overal.

‘Do hast startnûmer fjouwer. Dat betsjut datst oan ’e bûtenkant fan ’e baan op ’e earste rige stiest. In prachtich plakje.’ Minne Baas hat foar it earst sûnt er wakker is in glim op syn gesicht.

Sven knikt.

‘Op hokker rige stiet Isa?’

‘Eh, dêr ha ik net nei sjoen.’ Minne helleet in briefke mei de startlist út syn bûse.

‘Isabel de Vries hat nûmer 13. Dat is oan ’e binnenkant op rige fjouwer. Dat is in kânsleas plakje ast it my fregest.’

‘Spitich en sneu foar har,’ seit Sven en hy ritst de overall ticht.

‘Ja, spitich, mar litte wy it net oer Isa ha. It giet hjoed om dy.

En let no op wat ik dy sis: skerp wêze by de start. Jelle Visser stiet neist dy en achter dy start Sander Couperus. Dat is ek in rappenien. Dus de earste bocht heech ynstekke, dan krigest mear gong. Nei de bocht moatst nei binnen snije. It moat raar gean asto dan net de lieder bist. En ast dan foarop leist, moatst de midden fan ’e baan hâlde. As se dy dan passeare wolle fanôf de bûtenkant moatte se folle mear meters ride. En as de konkurrinten dy oan ’e binnenkant ynhelje wolle, kinst se ôfsnije en komme se der net lâns.’

Minne sjocht syn soan oan.

‘Hast it begrepen, Sven?’ seit er stadich.

‘Ja, ja, fansels,’ knikt Sven. ‘Heech ynstarte en dan de boel tichtgoaie.’

Syn heit sjocht him oan, mar is der net hielendal wis fan oft syn soan it begrepen hat.

‘Ast sa rydst as dat ik dy no útlein ha,’ giet er fierder, ‘stean wy jûn mei de beker. Brûk dy tips en do bist Frysk kampioen.’
‘Komt goed,’ seit Sven en hy docht syn helm op.

Noch gjin fjirtich meter fierderop sjocht Geart nei de startlist. Hy docht syn cap ôf en giet mei de fingers troch syn hier. ‘Bliksem,’ seit er, ‘net in bêste lotting, Isa. Wy stean op ’e fjirde rige mei startnûmer trettjin. It ûngeloksnûmer.’

‘Trettjin?’ freget Isa. Se leunt tsjin har stockcar, dêr hat se noch in bytsje skaad. ‘Dat is just myn geloksnûmer!’

‘Hiel apart,’ seit har fêste monteur. ‘De measten wolle net starte mei dat nûmer.’

‘Ik bin berne op 13 novimber, myn namme hat trettjin letters en ik wenje op de Schoolstraat 13.’

Geart skoddet syn holle.

‘Do bist en bliuwst in aparte woartel, Isabel de Vries. Mar sille wy it efkes oer de wedstriid ha?’

‘Sorry, coach, trainer, monteur,’ seit Isa en se glimket. ‘Brân los. Hoe dogge wy it hjoed?’

Geart set syn cap rjocht.

‘Ik tink dat de measten nei de start heech opstjoere om mear gong te krijen. Nei de earste bocht stjoere se allegear nei ûnderen. Ik wit seker dat dat in gaos wurdt. As ik dy in advys jaan mei, dan sis ik: bliuw ûnderyn! Ik tink datsto dêr frij baan krigest.’

‘Hm, miskien.’ Isa hellet de skouders op.

‘Leau my no mar. Dit is foar dy de bêste taktyk.’

‘Okee,’ seit Isa. ‘Gean efkes foar my stean.’

‘Wat dan?’

‘Ik doch myn klean út.’

‘O, prima. Goai dan ek dyn hier los,’ seit Geart joalich.

‘Rêstich oan, monteurke. Ik doch myn race-overal oan.’
Geart makket him breed en Isa docht rap har koarte broekje en har T-shirt út en strûpt yn har overal.

‘Fierder noch wat?’ freget Isa as se it racetenu oan hat.

‘Ja, neist dy start Simon van der Velde. Dat is in blyn hynder. Dy brûkt syn stockcar as in botsauto. Hâld him yn ’e gaten. Hy rydt dy sa fan ’e baan.’

‘Dat wie it?’

‘Ja, ik leau it wol,’ seit Geart, ‘en drink noch wat, want it is om te smoaren op ’e baan. Nim in Red Bull, miskien jout dat dy fleugels.’

Fol soarch sjocht de monteur nei syn rydster. ‘Moatst noch nei de wc? Want dan moat it no.’

Isa laket. ‘Nee, ik bin hielendal leech. Ik ha fan ’e moarn wol fjouwer kear nei it húske west. Miskien ha ik dochs wat lêst fan spanning.’

‘Moai. Dan kin ik mar ien ding sizze: Crazy Isa, start your engine en sukses! Boks?’

‘Boks? Stel dy net oan. Kom hjir.’ Se pakt Geart beet en tutet him yn syn beswitte nekke. Geart syn cap stiet no skeef op syn holle. Isa krûpt him sa heftich oan dat er hast gjin lucht kriget. ‘Do bist de bêste hjoed,’ brabbelet er yn Isa har hals. ‘Hearst my? Winne hjoed. Do hast it fertsjinne. Do bist in kampioen.’

Dan lit Isa los en pakt har rôze helm fan it rôze dak fan har stockcar. Se stapt soepel yn har racemeunster, docht de riemen fêst en har wanten oan. Dan start se har auto. Of teminsten, se probearret te starten. De motor docht niks, noppes, nada. Noch in kear starte. Wer gjin lûd. Isa sjocht eangstich nei eart. Dy sjocht as krige er in hertoanfâl. Syn eagen rôlje der hast út. Hy hapt nei azem.

‘Dit kin net!’ raast er. ‘Dit kin net! Dit bestiet net!’

‘Grapke,’ seit Isa en no start se echt de motor. It lûd is alderheislikst. As in peloton karbidbussen dy’t tagelyk ôfsketten wurde. As fjouwer Harley Davidsons op in rige sûnder útlaat.

‘Godtank,’ ropt Geart en hy hat de fingers yn ’e earen, ‘God-tank. Wolsto my noait wer sa skrikke litte!’

Geart is sichtber ferromme en hellet wer lucht.

‘Kop omheech en plat derfoar! Forza!’ balt er.

Isa docht har tomke omheech en set de stockcar yn ’e fersnelling. Stadich rydt se fan it terrein nei de yngong fan ’e crossbaan. Dêr stoppet se en wachtet op in teken fan ’e baan-kommissaris. Se sjocht Sven as fjirde oan har foarbygean. Sander Couperus, dy’t as nûmer acht starte mei, knikt nei har as er lâns har rydt. Nei nûmer tolve, Menno Zijlstra út Hallum, stjoert Isa de stockcar de baan op. No sjocht se pas hoefolle minsken oft der lâns de baan stean. Safolle publyk is der noait by in wedstriid junior stockcar. Der sitte ek in soad bekenden op ’e tribune. Seach se dêr har mem? Dy komt oars noait nei de baan. Har mem fynt autocross net echt in sport foar in famke. Se wie der net op tsjin, mar bliid wie se ek net doe’t sa har fertelde oer har nije hobby. Dochs hie se it mar tastien, al hie se it leafst sjoen dat Isa op streetdance of follybal gie.

Under it warming-up rûntsje stelt Henk Jager, foarsitter fan de Autocrossklup, foarman fan de tinte-opbouploech en omropper, de riders foar. Troch de lûdsynstallaasje heart Isa flagen fan Henk Jager syn kommentaar: ‘En mei nûmer 7, op ’e earste startrige: ús pleatslike favoryt: Sven Baas fan Makkum!’

Isa kin it publyk razen hearre as se lâns de tribunes rydt. Se is sa ûnder de yndruk troch it grutte oantal taskôgers, dat se mear nei de tribunes sjocht as nei de baan en se rydt hast tsjin Simon van der Velde oan, dy’t neist har start. Lokkich hat se op tiid de kop der wer by en se stjoert har stockcar nei de linkerkant. Sa foarkomt se in botsing yn it opwaarmrûntsje.

‘Wolle de riders no har startposysje ynnimme,’ klinkt it troch de lûdsynstallaasje. De koereurs ride stapfoets nei har plakken.

De earste rige mei fjouwer stockcars stiet as earste stil. Neist Sven stiet Jelle Visser. De twa favoriten sjogge mekoar oan en beide stekke se de tomme op.

Der is wat kommoasje as de riders fan rige twa op harren plakken stean. De koereur mei startnûmer fiif hat motorproblemen. Earst is der in soad reek en dêrnei komme der flammen ûnder de motorkap wei. Frijwilligers mei brânblussers binne rap by de stockcar en witte de brân út te meitsjen en de rider út de stockcar te tillen. Hy wurdt neisjoen troch de EHBO, mar lit witte dat er okee is.

It lytse ynsidint jout in soad opûnthâld. De útbrânde wein moat mei de trekker fan 'e baan lutsen wurde en dêrom beslút de wedstriidlieding om de oare stockcars in pear rûntsjes ride te litten. Sa hat de trekker de romte om it kadaver fan 'e baan te heljen.

Foar Isa komt dy ûnderbrekking net min út. No sjocht se de folle tribunes net mear. No heart se it lawaai fan de taskôgers net mear. Se is no superkonsintrearre. Hat de komplette fokus. Se sjocht no alles as yn in tunnel. Se sjocht allinne de baan en de riders. Undertusken tinkt se oan 'e race. Nûmer fiif is útfallen en dat betsjut mear romte oan 'e binnenkant fan 'e baan. Dat is posityf, wit se, mar tagelyk freget se har ôf oft se wol genôch benzine tankt hat, no't se ekstra rûntsjes ride moatte troch dy autobrân. De measte riders foar har lûke yn dizze netplande warming-up rûntsjes hurd op en gean dan wer op 'e rem. Sa hâlde se de motor en de bannen op temperatuer. In taktyk dy't faker dien wurdt om in bettere grip op 'e baan te krijen, mar dy't as neidiel hat dat it in stik mear benzine nimt. Isa kiest derfoar om sûntsjes yn in strak tempo te riden. Sa sparret se brânstof.

Nei fiif ekstra opwaarmrûntsjes krije de riders it seintsje dat de startproseduere opnij dien wurdt. De stockcars gean op it rjochte ein wer op har plakken stean. Isa faget it stof fan it

fizier fan 'e helm, mar hâldt skerp it reade ljocht boppe de start/finishline yn 'e gaten. As it ljocht op grien springt giet de race los. No stiet der in man op 'e line mei in boerd '1 minút'. De riders wachtsje en de spanning rint op. Der binne in pear dy't senuwachtich op it gaspedaal traapje.

Sven is hielendal zen. Hy sjocht strak foar him út. Hy heart neat, hy fielt neat. Syn hertslach is normaal, mar dochs is er sa skerp as in mes. Hy hat syn hannen ûntspannen op it stjoer. Sven is cool, calm en collected. Hy tinkt oan alle trainingen dy't er hjirfoar dien hat. Oeren rûntsjes ride op dizze baan. Hy tinkt oan al dy oeren yn 'e fitnessseal. Under lieding fan syn heit lange sesjes krachtraining om sterker te wurden. En no is er der klear foar. Syn kondysje is optimaal en hy hat it lichem fan in kickbokser. Ja, hy is der fokking klear foar!

Noch tritich sekonden.

Isa de Vries lústert nei har motor. Se skrikt. Is it lûd dat se no heart itselde as justerjûn by de training? It klinkt oars. Se drukt it gaspedaal wat fierder yn. Se heart in skerp lûd. Krekt as slaan twa stikken izer tsjininoar. Kin dit motorke dizze race wol oan? Se hat dizze stockcar krigen fan Sven doe't dy in gloednijen krige fan syn heit. Dit twaddehânske hat in bulte kilometers op 'e teller. Is it Frysk Kampioenskip in brêge te fier foar dit weintsje? Isa twivelet. Geart hie sein dat it motorke top wie. 'It sil net oan it materiaal lizze,' rôp er foar de wedstriid. Isa skoddet har holle. 'Lit dy net gek meitsje,' seit se tsjin harsels. Wat sei Geart ek alwer? 'Kop omheech en plat derfoar.'

Alle riders drukke it gaspedaal yn. It toeretal fan 'e stockcars giet omheech. As in stel brullende liuwen wachtsje se op it griene ljocht. De lêste sekonden duorje as wienen it oeren. It publyk en de koereurs hâlde de adem yn. En dan springt it ljocht op grien. Santjin rjochterfuotten traapje it gaspedaal yn oant op 'e boaiem. Santjin stockcars spatte

foarút. Santjin weinen fleane nei de earste bocht. It lûd is alderferskuorrendst. Krekt as begûn de tredde wrâldoarloch op 'e Makkumer crossbaan. Sa fokking lûd.

De start fan Sven is goed mar net super. Jelle Visser neist him leit op deselde hichte. Beide ha se deselde taktyk en stjoere heech de bocht yn. Sven sit oan 'e bûtenkant en moat efkes fan it gas, oars belânet er bûten de baan. Troch dy manoeuvre komt Sven as twadde út 'e bocht. Achter him fleane twa stockcars boppe-opinoar. Lokkich kinne alle oare weinen dêromhinne.

'Wy sjogge Jelle Visser fan Hallum op kop, dêrachter Sven Baas en Martin de Ruiter op it tredde plak,' klinkt it troch de lûdsynstallaasje.

Isa hat in topstart. Sa't Geart sei, sa giet it. Hast alle riders stjoere nei de start heech op. It is dêr in grutte gaos en tal fan riders klappe opinoar. Isa bliuwt ûnderyn en hat sa frij baan. Nei de earste bocht hat se in oantal plakjes wûn en se komt as sânde op it rjochte ein. Se sjocht dat Simon van der Velde foar har rydt. Wat hie Geart ek alwer sein: sjoch út foar dat bline hynder! Hy rydt dy sa fan 'e baan!' 'Tûk ride, Isa. Tûk ride,' seit se tsjin harsels. Simon hat de gong deryn, snijt skerp de bocht oan en goait de doar ticht. Isa kin der net omhinne en moat geduld hâlde.

De stockcar fan koprinner Jelle Visser makket sa'n soad stof dat Sven de remljochten foar him hast net sjen kin. Hy probearret yn in oar spoar te riden, sadat er wat sicht kriget. Jelle is in betûfte racer en hat in snelle wein. Sven kiest derfoar om in pear rûntsjes achter syn konkurrint te riden. Sa kin er sjen wêr't er taslaan moat.

Isa sit noch achter Simon van der Velde en folget him. Yn 'e twadde rûnte stjoert er de bocht wer heech oan en by it út-

kommen fan 'e bocht giet er ûnferwachts nei de binnenkant fan 'e baan. Dêr rydt Allard Breeuwsma en dy kin net in kant op. Der is gjin romte en de twa knalle tsjinelkoar oan. Isa kin him mar krekt ûntwike.

'In oanriding yn 'e kop fan it fjild,' ropt Henk Jager troch de mikrofoan. 'Simon van der Velde en Allard Breeuwsma binne de folgjende útfallers.'

'Ha, se leit al op it fiifde plak. Fan trettjin nei fiif,' ropt Geart en hy slacht Frank op it skouder, dy't drok is mei syn telefoan. 'Ja, dat giet goed, mar se is der noch net,' antwurdet dy. 'En moatst my net op it skouder slaan. Dan krij ik skokkerige bylden.'

Sven rydt konsintrearre achter Jelle Visser. Hy sjocht dat de kont fan 'e stockcar foar him nei elke bocht in swiper makket en dat Jelle it der swier mei hat om de wein ûnder kontrôle te hâlden. Yn it fjirde rûntsje doart Sven him oan te fallen. Hy stjoert nei de binnenkant en trapet it gaspedaal yn. Sven komt neist de koprinner. Jelle lit him net passeare en mei har beiden daverje se oer it rjochte ein. Side oan side fleane se bocht 1 yn. Beide jouwe se gjin krimp, mar sintimeter foar sintimeter wit Sven de kop te pakken.

'En it is Sven Baas fan Makkum dy't foarop leit,' raast Henk Jager. It publyk stiet op 'e banken en wurdt gek.

'Sven the man! Forza Sven!' roppe Frank en Geart yn koar.

Isa sit yn har ritme. Se rydt konstant en stjoert handich om útfallen dielnimmers hinne. It rûnteboerd stiet op fiif as se op snelheid Wesley Jansen foarbyrydt.

'En ús iennichste froulike dielnimmer Isabel de Vries fan Makkum leit op it fjirde plakje,' ropt Henk Jager. Troch syn entûsjasme giet syn stim in oktaaf omheech.

Foar har binne Jelle Visser en Martin de Ruiters meielkoar yn 'e slach. De twa riders meitsje der in spannend gefjocht fan, mar ha dêrtroch net yn 'e gaten dat Isa tichterby komt. Meterke

foar meterke komt se by it fjochtsjende duo en mei noch trije rûnten te gean slûpt se stikem nei it twadde plak.

‘En no op kop Sven Baas fan Makkum en op plak twa Isabel de Vries fan Makkum!’ Omropper Henk Jager is troch de emoasje hast net te ferstean. De taskôgers stean op ’e banken en klappe har de hannen sear. Geart en Frank dûke mekoar yn ’e earmen en hosse as lytse bern. Se gean hielendal út ’e plaat.

‘Makkum 1 en 2,’ roppe se.

Sven rydt soeverein op kop. Hy wit net wat der achter him bart. Syn foarsprong is grut en hy ûntspant. Wat kin him gebeure? Hy rydt foarop en de konkurrinsje is fier fuort. Hy sjocht syn heit stean by de finish. Minne Baas hat de hannen omheech. Wat sil syn heit bliid wêze. De man libbet foar de cross. En wol sa graach dat Sven kampioen wurdt. En dan ek noch hjir op dizze baan dêr’t hy sa’n soad suksessen hie. Syn thúsbaan. Wat sil syn heit grutsk wêze. Sven ûntspant noch mear. Hy rydt relaxt oer de baan. Noch twa rûntsjes. Hoefolle meter is dat eins? 600 meter? 700? Sven komt wer oer de finishline. Syn heit stiet wer mei de hannen yn ’e loft. Hy is bliid. Of dochs net? Is it panyk? Wat rôp syn heit? Hearde Sven dat goed? ‘Achter dy?’ Yn ’e bocht kin Sven achteromsjen nei it rjochte ein. Wat sjocht er dêr? Is dat it rôze bakje fan Isa? Sit Isa achter him oan? Dat kin dochs net! Isa? Syn freoninne rydt op it twadde plak achter him? Ferdomd, tinkt er en hy jout wat mear gas.

Isa sit deun achter Sven. Se hat kramp yn ’e fuotten en har earmen dogge sear. It swit rint har yn ’e eagen, mar troch it stof hinne sjocht se de achterkant fan ’e stockcar fan har freon. Noch trije bochten te gean. Oardel rûntsje hat se de kâns om te winnen. Noch fjouwerhûndert meter de kâns om Frysk Kampioen te wurden. Se soe legindarysk wurde. It earste famke dat kampioen wurde soe yn de junior stockcar klasse. ‘Kop derby!’ tinkt Isa, ‘fokusje dy!’

Sven rydt ferdigenjend yn 'e midden fan 'e baan. Isa moat dan kieze: bûtenom of binnentroch. Sa kin Sven har opfange. Isa kiest de bûtenkant.

'Nee,' ropt Geart, 'net de bûtenkant!'

Hy en Frank stean strest oan 'e baan. Frank tinkt net mear oan syn doku, hy springt op en del en is syn beswieren oer de klimaatgefolgen fan 'e autocross hielendal ferjitten.

'Forza, Isa!' ropt er.

Geart hinget oer it stek en slacht mei de flakke hân op in reklameboerd.

'Dit is net te leauwen,' raast er, 'Isa pakt him. Isa de Vries wurdt hjir kampioen!'

Sven Baas is no wer hielendal wekker. Hy wit dat er alles út 'e kast helje moat om Isa achter him te hâlden. Op 'e start/finishline leit er noch foar. It lêste rûntsje giet yn.

Sven manoeuvrearret syn racewein omheech. Healwei de ien-nei-lêste bocht stjoert er wer nei binnen en trapet op it gaspedaal. De stockcar spat it rjochte ein op. Hy draait de holle nei links en sjocht de bumper fan Isa. Se bliuwt oan 'e binnenkant.

Sven twivelt. Sil hy de alderlêste bocht heech nimme of leech? De bûtenkant makket mear gong, mar at er oan 'e binnenkant bliuwt, is der foar Isa mar ien mooglikheid: deromhinne. Mar dan makket se mear meters.

Sa as altyd folget Sven syn gefoel en hy kiest foar de bûtenkant. Hy giet fol gas de bocht yn. Isa stjoert skerp de lêste bocht yn. Se fielt dat har stockcar oan syn limyt sit. De racewein kreaket oan alle kanten. Isa wit dat se it uterste freegje moat fan it materiaal. Se ferliest hast de kontrôle mar hâldt de stockcar op 'e baan. Ek har lichem kriget swiere klappen en alle spieren dogge har sear.

Wer snijt Sven fan boppen nei ûnderen en de twa Makkumers komme neistinoar út 'e bocht. It is no noch hûndert meter oant de finish.

‘En Sven en Isa komme no út ’e bocht en ien fan dy twa wurdt hjir Frysk kampioen!’ raast Henk Jager yn ’e mikrofoan. It publyk hat it net mear fan ’e spanning en balt de twa nei de finish. Se lizze nekke oan nekke. It is mei it bleate each net te sjen wa’t foarop leit. Is it Isa? Is it Sven? Isa sit oan ’e binnenkant en Sven oan ’e bûtenkant. En dan stjoert Sven nei binnen. Hy komt ticht by de stockcar fan syn faam. Isa sjocht nei rjochts en merkt dat Sven no hast tsjin har oan sit.

‘Hee!’ ropt se, mar dat heart net ien.

Sven komt hieltyd tichter by har.


Noch fiifensantich meter.

Oan ’e binnenkant fan ’e baan is in greppel. Net djip, mar dêr wolle je mei je crosswein net yn komme. Isa wurdt hieltyd mear yn ’e rjochting fan dy greppel drukt. Se kin gjin kant út. Sven bliuwt nei links gean. Isa hat gjin keus en hâldt it gas derop. Links is de greppel en oan ’e rjochterkant Sven Baas. Se sit yn ’e sandwich.

En dan is dêr it momint. Sven stjoert noch mear nei links en rekket de foarbân fan Isa. It stjoer sjit Isa út ’e hannen, mar noch gjin tel letter kin se har herstellen. Har achterbân hinget boppe de greppel mar mei alle kracht dy’t se yn har lichem hat, kin se de stockcar op ’e baan hâlde. De auto slipt en stiet skeef op ’e baan. Lokkich rint de motor noch en se set har racewein wer yn ’e fersnelling. Se giet súntsjes nei de finish dy’t Sven al foarby is. Isa fernimt dat it fehikel hast net mear te stjoeren is. Se hat skea oan ’e rjochterkant en it tsjil stiet der skeef ûnder.

De finish is noch fyftich meter, mar Isa giet traach nei de einstreep. De motor makket rocheljende lûden en is oan syn ein. En op noch gjin tweintich meter fan ’e finish wurdt se ynhelle troch Jelle Visser en Martin de Ruiter. Tergjend stadich komt Isa as fjirde oer de finish. Sadree’t se oer de einstreep is, hâldt de motor der mei in klap mei op. Grize reek komt ûnder de kap wei.

Isa docht de gordels ôf en komt mei lijen út de stikkene stockcar. Ienkear bûten stiet se te triljen op har fuotten. Al har spieren dogge sear. As se fan 'e baan rinne wol, sacket se troch har knibbels. Se is hielendal ynein. Dan wurdt it har swart foar de eagen en falt se om.



Se wurdt wekker as se yn 'e EHBO-post sit. In man mei in wyt shirt mei dêrop in read krús stiet oer har hinne bûgd.

'Hoi,' seit er, 'wat is dyn namme?'

'Isabel de Vries.'

'Hoe fielt dy?'

'Goed,' seit Isa muoisum.

'Hjir hast wat te drinken.' En hy jout har in blikje kola.

Foarsichtich nimt se in slokje.

'Ha ik wûn?' freget se.

'Eh, nee,' seit de EHBO'er. 'Neffens my hat Sven Baas wûn.

Do wiest fjirde.'

Isa knikt en nimt noch in slok.

FLAK FOAR DE WEDSTRIID...



SVEN IS HIELENDAL ZEN:



RANKING		RANKING OF DRIVERS		RANKING OF TEAMS	
Pos.	Name	Pos.	Name	Pos.	Name
1	...	1	...	1	...
2	...	2	...	2	...
3	...	3	...	3	...
4	...	4	...	4	...
5	...	5	...	5	...
6	...	6	...	6	...
7	...	7	...	7	...
8	...	8	...	8	...
9	...	9	...	9	...
10	...	10	...	10	...
11	...	11	...	11	...
12	...	12	...	12	...
13	...	13	...	13	...
14	...	14	...	14	...
15	...	15	...	15	...
16	...	16	...	16	...
17	...	17	...	17	...
18	...	18	...	18	...
19	...	19	...	19	...
20	...	20	...	20	...

HY IS DER FOKKING KLEAR FOAR!




TUK RIDE ISA...


13

'BOKS? STEL DY NET OAN. KOM HUIR.' SE PAKT GEART BEET EN TUTET HIM.

GO!



SEACH SE DÛR HAR MEM? DY KOMT OARS NOAIT NEI DE BAAN. HAR MEM FYNT AUTOCROSS NET ECHT IN SPORT FOAR IN FAMKE.



...FRIJWILLIGERS MEI BRÂNBLUSSERS BINNE RAP BY DE STOCKCAR.



...SE LIZZE NEKKE OAN NEKKE.



FILMKE

5

Minne Baas hinket sa hurd as er kin nei it riderskertier. Dêr parkearret Sven syn stockcar en springt reedlik kwyk út 'e wein. Minne goait syn stôk oan de kant en nimt syn soan yn 'e earmen.

'Myn kampioen,' ropt er. 'O, Sven, wat bin ik grutsk op dy. Do bist myn held. Frysk kampioen. Dit is de moaiste dei út myn libben. Sven Baas is de bêste. De kening fan de cross.' Sven lit de komplimenten oer him hinne komme. Hy is der ferlegen fan.

'Op watfoar plak wie Isa?' freget er.

'Isa? Ik ha gjin idee,' antwurdet syn heit, 'mar wat kin ús dat skele. Do bist kampioen.'

Geart en Frank stean rjocht achter de finish en binne ferbjustere. Se kinne net leauwe wat se krekt sjoen ha. Dochs is it wier. Sven Baas hat Isa de Vries fan 'e baan riden. Sven hat bewust tsjin Isa oan riden. Beide jonges ha it dúdlik sjoen. Frank skoddet syn holle en smyt syn blikje Bullit tsjin 'e reklamebuorden.

'Dit kin dochs net, Geart. Ik wit net folle fan 'e sport, mar dit is falsk spul.'

Geart smyt fan lilkens syn cap op 'e grûn. Hy is sprakeleas. Se sjogge dat Isa fan it sirkwy droegen wurdt. Se hinget as in sloppe teedoek tusken de frijwilligers fan 'e EHBO.

'Dit liket nergens op. Dit is misdiedich,' seit er lang om let.

‘Kinne wy hjir wat oan dwaan? Is der in sjuery? Kinne wy de bylden weromsjen? Is der in VAR?’ freget Frank.

Geart tinkt efkes nei en seit dan: ‘Kom, wy gean nei it riderspark.’

Minne Baas hie stikem in lyts fleske sjampanje meinommen en dat spuitet er oer de gouden stockcar hinne as Geart en Frank by de winner oankomme.

‘Jim stean hjir feest te fieren?’ freget Geart kalm. Syn cap stiet him skeef op ‘e holle.

‘Ja, fansels,’ seit Minne fleurich. ‘Sven is kampioen, of ha jim dat net sjoen?’

Sven stiet neist de stockcar. Syn gesicht is swart fan it stof.

‘Jawis, wy ha alles sjoen. En wy ha Baas syn manoeuvre sjoen op it rjochte ein.’

‘Ja, en?’ Minne docht ûnnoazel.

‘Dy kampioen dy’t hjir no nei syn fuotten stiet te sjen, moat him skamje. Deaskamje. Dat sis ik dy, Sven. Watsto diest is misdiedich.’ Geart flybket deroer.

Frank, dy’t skeef achter him stiet, knikt heftich.

‘No, no, no, moat it no sa,’ seit Minne. ‘Wês bliid foar Sven dat er kampioen is.’

‘Sven hat ûnsportyf riden.’ Frank wol ek wat sizze. ‘Wat hy die by Isa wie net fair.’

‘No, no, no. Us “vegetarische slager” hat ynienen ek ferstân fan autocross. Meitsje do dy mar drok oer broeikasgas en CO2.’ Minne Baas sjocht minachtsjend nei Frank.

‘Miskien moat ik de titel fan ‘e doku feroarje yn ‘Sven Baas, winner and loser,’ seit Frank grimmich.

‘Do moatst út ‘e útslach helle wurde, Sven,’ giet Geart fierder.

‘Se moatte dy skorse. Do hast Isa mei opset fan ‘e baan riden.’ Geart is lilk en syn holle is sa read as in tomaat.

‘No moatsto efkes lústerje, monteurke,’ seit Minne Baas en hy docht in stap nei foaren. ‘Dit is it Frysk Kampioenskip.

It giet hjir net om oaljebollen. Hjir wurdt hjoed striden foar

de heechste ear. En ja, dan wurdt der somtiden in tikje útdield. Dat komt foar. Dat is part of the game. Dit is autocross en gjin balletdûnsjen.'

Geart stiet op eksplodearen en goait syn cap fan lilkens noch in kear op 'e grûn. Syn eagen spatte fjoer. 'Sven!' ropt er. 'Sis do ris wat! Do stiest hjir mar wat nei dyn fuotten te sjen.

Do witst bliksemse goed datst fout wiest. No?'


Sven seit neat, pakt in handoek en faget it swit en it stof fan syn gesicht.

'Ik moat neffens my nei de priisútrikking.'

NEI DE WEDSTRIID...



SVEN SPRINGT
ÛT 'E WEIN.




'DO BIST MYN HELD. FRYSK
KAMPIOEN. DIT IS DE MOAI-
STE DEI ÛT MYN LIBBEN.'



'IK WIT NET FOLLE FAN 'E SPORT. MAR DIT
IS FALSK SPUL.'



SE SJOGGE DAT ISA
FAN IT SIRKWY
DROEGEN WURDT.




PLOP

'JIM STEAN HJIR
FEEST TE FIEREN?'
FREGET GEART
KALM.



'DAT IS PART OF THE GAME.
DIT IS AUTOCROSS EN GJIN
BALLETDÛNSJEN.'



GEART SMYT FAN LILKENS
SYN CAP OP 'E GRÛN.

FILMKE

6

It is drok by de feesttinte. De taskôgers, belangstellenden en riders stean foar it poadium dêr't dalik de prizen útrikt wurde. Foarsitter, omropper en priisútrikker Henk Jager is drok dwaande mei it klearlizzen fan 'e blommen en it delsetten fan 'e prizen. Syn ljochtblauwe shirt hat grutte donkere plakken fan it swit. Hy nimt noch in slok wetter en pakt dan de mikrofoan.

'Test, test, test.'

'Ja, hy docht it,' ropt grouwe Siebe en hy docht syn tomme omheech.

'Bêste minsken,' begjint Henk. 'Bêste minsken, mei ik efkes jim oandacht, dan kinne wy begjinne mei de prizen fan de junior stockcar.'

'Stilte!' raast grouwe Siebe.

It publyk hâldt no op mei praten.

'Oanwêzigen, it is safier. De priisútrikking fan it Frysk Kampioenskip junior stockcar hjir op 'e Makkumer crossbaan.'

It publyk klapt.

'En wat in wedstriid ha wy sjoen! Wat wie it ferskuorrende spannend. De santjin bêste Fryske crossers ha der in wier spektakel fan makke. Ik wit net hoe't jim it belibbe ha, mar ik hie it swit yn 'e bilnaad.'

De taskôgers laitsje.

'En dan de dramatyske ûntknoping yn it lêste rûntsje. Wat in spanning. En wat fantastysk dat der ek noch twa Makkumers op kop leinen. Dat is geweldich foar ús doarp en foar ús feriening.'

Der wurdt ynstimmend mompele.

‘Fantastysk,’ ropt Henk noch in kear. ‘Mar dan no de prizen. Op it tredde plak is einige Martin de Ruter, fan De Jouwer.’ It publyk applaudisearret as Martin op it eareskavot stiet en in beker en de medalje yn ûntfangst nimt fan Henk. ‘En dan op it twadde plak: Jelle Visser, fan Hallum.’

Jelle stapt op it poadium en wiuwt nei it publyk, mar bliid is er net. Hy kriget in wat gruttere beker en ek in medalje, mar hy is sichtber teloarsteld.

‘En dan no de man fan ’e dei. De man dy’t, wylst er noch mar fyftjin jier is, no al in leginde is. De man dy’t libbet foar de cross. Dy’t him ôfrûne winter kapot traïnd hat om hjir hjoed te winnen. In absolút racetalint en in echte Makkumer. De soan fan ús earelid Minne Baas. Hjir is de Frysk Kampioen: Sven Baas!’

It publyk makket in orkaan oan lûd. De minsken roppe en raze en klappe yn ‘e hannen. Sven springt op it poadium mei in fûst yn ’e loft. Dan stapt er op it heechste treedsje fan it skavot.

‘Lokwinske, Sven. Do bist in grut kampioen,’ seit Henk en hy jout Sven in bosk blommen en in ekstreem grutte beker.

‘Noch ien kear in daverjend applaus foar de Frysk Kampioen: Sven Baas, fan Makkum!’

Wer litte de taskôgers har hearre en der fljocht bier troch de loft. Sven stiet mei de beker omheech.

Geart, Frank en Isa stean oan ’e sydkant en sjogge nei it tafriel op it poadium.

‘Sjoch him dêr ris stean,’ seit Frank, ‘hy fertsjinnet dy beker net.’ Isa stiet mei de hannen yn ’e bûsen fan har koarte broekje en seit neat. Geart skoddet syn holle.

‘Wachtsje efkes, minsken,’ seit Henk, ‘Sven Baas wol ek noch wat sizze.’

Sven stapt fan it skavot, leit de blommen del en pakt de mikrofoan.

‘Bêste minsken,’ seit er, ‘mei ik jim oandacht? Ik wol earst it bestjoer tanksizze foar de organisaasje fan it FK hjir yn Mak-kum. It wie in grutte klus foar ús lytse feriening, mar alles wie perfekt regele. Tank dêrfoar.’

Der klinkt in beskieden applaus.

‘Dan ha ik de folgjende meidieling,’ Sven lit in stilte falle. ‘Bêste minsken, dit wie myn lêste race.’

De taskôgers skrikke en hâlde op mei praten. Geart, Frank en Isa sjogge elkoar ferbaasd oan.

‘Dit Frysk Kampioenskip wie myn lêste race,’ seit Sven noch in kear. ‘Ik wit dat de earste trije fan dizze wedstriid nei it Nederlânsk kampioenskip yn Rosmalen meie, mar dêr sil ik net starte. Ik hâld der mei op en stean myn plak ôf oan de nûmer fjouwer fan dizze wedstriid. Kin dat, foarsitter?’

Henk Jager sjocht op it briefke mei regleminten. Hy hellet syn skouders op.

‘Neffens my kloppet dat. Dan skoot automatysk de nûmer fjouwer omheech.’

‘Prima,’ seit Sven. ‘En dan wol ik noch wat sizze. Ik bied myn ekskuzes oan, oan Isabel de Vries. Ik fyn dat ik net earlik riden ha. Ik ha har mei opset beneidiele. Dat hie net moatten en dat spyt my. Dat wie fout. Ik wie fout.’

Geart, Frank en Isa hearre de speech fan Sven mei iepen mûle oan. Har eagen binne sa grut as autobannen.

‘En dan noch ien ding, dêrnei hâld ik op. Ik sis sorry tsjin Isa oer justerjûn. Ik ha wat dien dat net goed wie. Ik bin te fier gien en dêr ha ik spyt fan.’

No is Sven efkes stil. ‘Dêr ha ik wier spyt fan Isa, en ik hoopje datsto my ferjaan kinst.’

It is mûsstil by de feesttinte. Je kinne in spjelde fallen hearre. Isa sjocht nei de grûn. Har lange hier hinget foar har eagen.

Der dript focht fan har noas en dat is gjin swit.

‘Noch in kear: tank allegear en meitsje der noch in moaie racedei fan.’

Minne Baas stiet ferbjistere yn it publyk. Hy wit net wat er heart. Is dat syn soan, dêr op it poadium? Binne dat Sven syn wurden? Wurden dy't as kûgels troch Minne syn siel knalle. En dan komt Minne yn beweging. Hy wringt him troch de minskemassa rjochting it poadium.

'Wat fliksto my no?' raast er as er tsjinoer Sven stiet. 'Wat fliksto?'

Sven seit earst neat en ek it publyk is stil.

'Sven, ik praat tsjin dy!'

De Frysk kampioen set de kup mei de grutte earen op it poadium.

'Sven, sis dat it net wier is,' ropt syn heit machteleas.

Sven stapt nei de râne fan it poadium en seit: 'Ik hâld op. Ik bin der klear mei.'

Minne Baas skoddet syn holle. 'Dat kin net, dit is noch mar it begjin. It FK is it begjin. Dit is in opstap. Wy gean yn septimber nei Rosmalen. It NK.'

Sven sjocht fan it poadium ôf nei syn heit. 'Lústerje, heit.

Ik wol net mear. Ik wol net mear traine en elk wykein nei de cross. Der is mear as allinne autocross.'

Syn heit sjocht wanhopich nei him.

'Mar noch in pear stapkes en wy gean Europa yn. Do stiest oan it begjin fan in prachtige karriêre. In karriêre dêr't ik allinne mar fan dreame koe.'

Sven stiet mei de earmen oerinoar.

'Just! En dêr draait it by dy om. Ik moat dyn dream wiermeitsje. Omdatsto de top net helle hast, moat ik dat dwaan. Omdatsto frustrearre bist omdat it dy net slagge is. Mar ik ha nijs foar dy: dêr ha ik gjin nocht oan.'

Minne Baas hapt nei azem. Syn eagen rôlje yn 'e kassen.

'Nei alles wat ik foar dy dien ha. Al dy trainingen. Al it jild dat ik deryn stutsen ha. Dy tûzenen oeren mei dy op 'en paad.

Al dy enerzjy dy't ik yn dy stutsen ha. Hat alles dan foar neat west?'

It publyk doart net te bewegen. It is deastil.

‘Miskien wol,’ seit Sven. ‘Alles moast draaie om de cross. It giet thús altyd oer de cross. Oar praat is der net. Ik bin der kots-mislik fan.’

Sven is efkes stil. ‘De cross hat in soad koste. Dat is wier. Mar it hat ek in soad stikken makke.’

Stilte.

‘It is net tafallich dat mem by ús wei is. Tink dêr mar ris oer nei.’

Dy wurden komme as in granaat binnen by Minne Baas. Hy krimpt yninoar. De stôk falt út syn hannen en hy sakket op ‘e knibbels. De omstanners sjogge sjenearre nei de grûn.

Sven stapt fan it poadium en rint nei syn freonen. Hy jout de blommen oan Isa. Dy nimt se swijend oan. Der wurdt earst neat sein. Frank stiet senuwachtich yn syn hier te klauwen en Geart lûkt oan syn cap. En Isa? Isa ferskûlet har eagen achter in gerdyn fan hier.

‘Ik eh,’ begjint Sven, ‘ik ha in dwaas west. Sorry.’

De trije knikke.

‘Ik wit net wat my mankearre, mar it spyt my.’

De freonen skokskouderje wat.

‘Op ‘e knibbels,’ seit Frank.

‘Wat?’

‘Op ‘e knibbels, Baas.’ En Frank set syn mobyl op fideo.

‘Donderje op,’ seit Sven.

Isa en Geart sjogge nei Frank.

‘Op ‘e knibbels en freegje om ferjouwing, Sven Baas,’ seit Frank fanachter syn iPhone en hy sjocht serieus. De oare freonen knikke.

‘Werklik? Moat ik dat foar jim dwaan?’ seit Sven en syn kop stiet op ûnwaar.

‘Ja.’

Sven suchtet djip en sakket troch de knibbels. Dan begjint Frank te laitsjen.

‘Jee, Sven Baas. Wat bisto in mytje. Ik soe mysels noait sa

fernederje litte. Ik soe sizze: ik ha myn ekskuzes oanbean, ik gean net op 'e knibbels foar myn maten. Do bist echt in pussy,' seit Frank, as Sven foar him bûcht. No laitsje Geart en Isa ek. Dan slacht Sven mei syn fûst sa fûl as er kin op Frank syn dikke tean. Dy springt wïthoeheech en raast as in baarch yn it slachthûs. Syn djoere mobyl sylt troch de loft.

'Dit flikst my noait wer, Vega. My sa fernederje. En oars byn ik dy fêst achter myn stockcar en ryd ik krekt salang oant wy it baanrekôr wer yn ús besit ha.'

Isa en Geart skatterje it út en Frank makket nuvere sprongen. Hy springt heger as er oait dien hat as keeper fan Makkum ûnder sechstjin.

'Mar, freonen,' seit Sven, as se útlake binne, 'it is glûpende waarm. Sille wy nei it strân?'

No giet de holle fan Frank omheech en komt der wer in glimk om syn lippen. 'Goed plan,' seit er. 'Fuck dy cross!'

Noch gjin tsien minuten letter rinne se oer it strân. Geart en Frank drave as jonge hûnen oer it waarme sân. Frank skopt syn skuon út en lit him yn it wetter falle.

Isa en Sven rinne hân yn hân op 'e grins fan wetter en lân.

'Dat wie in ferrassende en moaie speech,' seit Isa.

'Och,' seit Sven en hy skopt tsjin in stientsje.

'Nee, echt. Ik wie ûnder de yndruk.'

Har freon hellet de skouders op.

'It wie de wierheid. It kaam út myn hert.'

'Moedich om dat te dwaan foar publyk,' seit Isa. 'Mar hâldst echt op mei de cross?'

'Ja, definityf. Ik ha der gjin nocht mear oan. Altyd mar traine en altyd dy krytyk fan ús heit. Ik bin klear mei de cross,' seit er en hy leit syn earm oer it skouder fan Isa.

'Mar ik ha neitocht,' giet er fierder. 'It NK is dochs op 13 septimber yn Rosmalen?'

'Ja,' knikt Isa.

'En do hast Geart as fêste monteur, mar eins moat der ek in

coach by. In coach dy't gemiene trúkjes ken. Ien dy't wit hoe't je sneaky kampioen wurde. En ien dy't hiel goed massearje kin.'

Isa laket. 'Hast miskien ien yn gedachten?'

Sven docht as tinkt er djip nei. 'No, ik wit wol ien. Ik sil my opofferje. Ik bin beskikber.'

Beide moatte se laitsje.

'Do bist hjirby oannommen.' En Isa jout him in tút.

'Dan sitte wy noch mei Frank.'

'Och,' seit Isa, 'dy kin ek wol mei. Kin er in fideo oer dy meitsje. Of foar de catering. Dan litte wy Frank fegetaryske hamburgers bakke.'

'Oh My God, dy binne echt net te fretten.'

Geart en Frank stoeie yn it ûndjippe wetter. Dútske toeristen gean fan skrik oan 'e kant.

'Kom, wy gean ek it wetter yn. Dan spiele wy it swit en de smoargens fan 'e cross fan ús liif.'

'Ja, lekker,' seit Isa en se draaft de Iselmar yn. Sven komt achter har oan. As se by Frank en Geart binne, litte se har yn it waarme wetter falle.

'Hee, it breidspear is der ek,' seit Frank.

En dêr sitte de fjouwer freonen yn it wetter fan 'e baai fan Makkum. Geart wasket syn cap.

'Witte jim wat,' seit er. 'Dit wurdt in fantastyske simmer.'

De oaren knikke.

'Wiere wurden, Geart.' seit Isa. 'It wurdt in alderferskuorrendst fantastyske simmer.' En se jout Sven wer in tút.

Sven giet stean en stekt syn fûst yn 'e loft.

'Fuck de cross, forza de cross!'

Forza!

DE PRIISÛTRIKKER:

SVEN STIET OP IT Poadium



YES



'IN DAVERJEND APPLAUS FOAR DE FRYSK KAMPIONEN: SVEN BAAS, FAN MAKKUM!'



SORRY

SVEN BIEDT EKSKUZES OAN:

'IK FYN DAT IK NET EARLIK RIDEN HA, DAT SPYT MY.'



'WAT FLIKSTO MY NO?' RAAST ER AS ER TSJINDER SVEN STIET.

OP 'E KNIBBELS...

'DO BIST ECHT IN PUSSY,' SEIT FRANK. NO LAITSJE GEART EN ISA EK.



LOL



HY JOUT DE BLOMMEN OAN ISA, DY NIMT SE SWIJEND OAN.

FILMKE ↗